

Kampioensljeppen yn Winsum wurdt in great barren

Hûndert dielnimmers; tribune foar 3000 man; boargemaster fan Amsterdam gast

Hwa sil dit jier kampioen fierljeppen fan Fryslân wurde? It andert op dizze fraech biwarret de âlde St. Japikfeart yn Winsum yn syn tsjustere, riedseleftige djipten. Ont sneontomiddei 15 augustus. Dan sille de bêste en de gelearde ljeppers en ljepsters fan Fryslân it andert opdjipte út de blaudrek fan de St. Japik en it jaen mei kenings-sprongen.

Dizze Fryske fierljep-kampioenskippen yn Winsum op 15 augustus lykje in great barren to wurden. De pleatselike kommisje to Winsum, dy't dizze kampioenskippen organisearret ûnder it taforsjoch fan de Fryske Ljeppers Kommissje, ûntstien út it Boun fan Fryske Fûgelwachters, hat der justermiddei yn in parsekonferinsje ien en oar oer forteld. Der wurdt wer ljept fan de opslach yn 'e buorren ôf oer de tsien meter brede St. Japik. In tritich jier forlyn waerd dêr ek al fierljept, sij it dan net sa moai organisearre as nou. Yn 1956 kaem it Boun fan Fryske Fûgelwachten op it idé, yn Winsum in min ofte mear offisjele fierljepwedstriid to hâlden. De foarsitter fan it Boun, de hear Sj. Span, dy't juster mei in forstûke ankel as pynlik oantinken oan 'e fierljepperij fan sneontomiddei op 'e Jouwer by de parsekonferinsje siet, spande him der foar Dat wie it bigjin fan de glorieuze ûntjowing fan it fierljeppen yn Fryslân fan de lêste jierren.

It wurdt great opset dêr yn Winsum. Op 'e wâl, dêr't de ljeppers op tolânne komme moatte, wurdt in tribune boud foar goed trije tûzen minsken. Foar de

organisaesje fan de wedstriid sels komme sechstich man yn aksje. Der binne útnoegingen forstjurd oan party minsken en der wurde in hûndert gasten forwachte. Under harren is de boargemaster fan Amsterdam, mr. G. H. van Hall mei syn frou. Hy wol tink ris sjen oft syn tunnelprobleem ek mei fierljeppen oer it IJ op to lossen is. Ek komt dr. Brouwer, foarsitter fan de feriening „De Amsterdamse Haven”. De hear Sj. Span sil de wedstriid liede. Tetman de Vries sil dit kampioensljeppen forslaen en it Weidumer korps sil de oanrin, it delkommen op de oare wâl of it opspatten fan it wetter muzikael bigeliede. De kommissaris fan de keninginne, mr. H. P. Linthorst Homan, hat in kampioensmedalje biskikber steld en de boargemaster fan Baerderadiel, mr. L. G. Boelens, in medalje foar de jeugdkampioen. Fierder binne der wikselbekers. Der wurdt ljept yn fjouwer rubriken: froulju, jonges, mannen en Fryske studinten. Meiinoar wurde der in hûndert ljepsters en ljeppers forwachte. De televisy komt as it in bytsje kin ek.

Der wurdt ljept yn trije banen. Fan healwei twaen ont healwei fjouweren is der ljeppen yn de ûnderskate klassen. Fan healwei fjouweren ont fjouwer ûre binne der humoristyske ljep-atraksjes. Fan fjouwer ûre ont healwei fiven is dan it kampioensljeppen. Fan healwei fiven ont fiif ûre is de priisútriking. Men wol op 'e klok wurkje en dêrom moatte de dielnimmers perfoarst op tiid oan 'e jente forskine. De taskôgers moatte in goune foar de tagong

bitelje; dêrmei hawwe se meien rjocht op in tribuneplak. Der is ek romte foar auto's en oar motorark.

Men nimt yn Winsum gjin risiko's. Der sille kjessens klear lizze foar in ljepper dy't werom falle mocht op de stiennen wâl. De wâl, dêr't men op delkomme moat, wurdt alhiel útgroeven en dan wer opfold mei sân. It waer kin men net organisearje yn Winsum, mar wiet of droech, droech of wiet, it St. Japiks-ljeppen yn Winsum om it kampioenskip fan Fryslân — hwerom winliken net fan Nederlân of de wrâld? — liket in great barren to wurden.